



IT SKRIUWERSBÛN

28-6-2024

Ynvestearrings yn de takomst fan it Frysk kinne net wachtsje

It Frysk, dat binne wy tagedien. It bliuwt der tanksij belutsen brûkers en in aktive oerheid. It sil lykas alle minderheidstalen lykwols allinne mar bestean bliuwe kinne, as der in goede wikselwurking is tusken dy twa partijen. Dat betsjut dat Friezen aktyf foar har taal opkomme en dat der finansjele stipe foar harren is fan de oerheid. Want dy stipe soarget derfoar dat dy boargers belutsen en entûsjast bliuwe. En dat is foar de politisy dy't fûnsen beskikber stelle de ultieme beleaning.

In oerheid dy't nije ynvestearrings yn de taal ôfblaast en útstelt, de basale ynfrastruktuer fersleaukje lit, dy sieddet moedeleazens ûnder bewuste Frysktaligen en harren organisaasjes. En jout romte foar in ûntmoedigjende foarm fan konkurrinsje, dy't op foarhân inisjatyf deaslacht: jild dat de ien krijt, kin de oar net krije. En krekt fan de gearwurking tusken dy belutsen Friezen en harren organisaasjes is no sa 'n ferlet.

It fuortbestean fan de taal, dat stiet op it spul, en positive aksje kin net wachtsje. In rynske en aktive Provinsje, dat is nedich. Allinne dan bliuwt de positive ynset fan de lanlike oerheid ek bestean. **Want: wat der is, dat moat der bliuwe, mar it is ûnfoldwaande om de taal op termyn yn libben gebrûk te hâlden.** DS, PS, Steatekomitee, meitsje nij en takomst-rjochte belied en lit it wat kostje. Allinnich sa bliuwe jimme leauweardich. As it Frysk en it fuortbestean echt prioriteit hat, jou it dy dan ek!

Mar belied en jild is mar ien kant fan de saak. Like hurd is it nedich dat persoanen en organisaasjes mei nije plannen komme, en de Provinsje dêrmei konfrontearje. It is wier net sa dat it jild oan de Twibeksmerk op is. Wy roppe dêrom elk op: kom mei konkrete plannen en projekten, dy't soargje kinne foar draachflak en foar in promininter plak fan it Frysk yn de mienskip, mei in helder priiskaartsje. Tsjinje dy yn by de Provinsje, stjoer se om yn it Fryksinnich sirkwy en stypje elkoar safolle mooglik. Hjir kin de Fryske beweging as katalysator fungearje!

Juny 2024, It Skriuwersbûn